

Fan gas en ljocht en wegen.

Bêste Minsken,

It is tiid dat we wer ris even byprate. De jiergearkomste wie let fan' t jier. Mar wol de muoite wurdich. Wy krigen in nij bestjoerslid, Dirk de Vries. Pasten de statuten oan, foarmen in wurkgroep biofergister en ha noch sa it ien en oar bepraat. It is yn dizze tiid fan krimp in goede saak, dat we meielkoar noed steane foar it wolwêzen fan ús doarp en har ynwenners. Dat we op de slach passe en op ús iepenst binne. Nei it skoft wie it tiid foar wat luchtigers, en hâlde Lammert oet Orvelt ús in lachspegel foar.

We binne alwer in pear moanne fierder, en der is wer fanalles bepraat. Der komt in soad op ús ôf. As bestjoer fan PBK kinne we bitiden alle jûnen wol fuort. En faak is der oerdei ek noch genôch te fergaderjen. Wy binne as bestjoer op folledige sterkte. Mar fan de 7 bestjoerders ha 5 in drokke baan. En de oare beiden hoege har ek net te ferveren. Dat betsjut : keuzes meitsje. Fansels is it iene noch belangriker as it oare, mar wy kinne mar op ien plak tagelyk wêze. It wie dan ek hiel aardich dat jeugdlied Ankje Dijkstra, fanwege har staaasje, wól nei de " dag van de demokratisering" yn Amersfoort west hat én dêr ferslach fan dwaan woe op in bestjoersgearkomste!

Trouwens, wy ha yn de krante lêze kinnen dat Jellie Koetje ien fan de jongste bestjoersleden fan de PB's yn Fryslân is. Jo ha ek lêze kinnen wat heit en dochter fan de nije ûntwikkelingen fan de doarpsbelangen fine. De tiid bringt mei dat der hieltyd mear saken wêr't eartiids de gemeente mei rêde, no " dellein wurde" by de doarpen. In ûntwikkeling dy't we as PBK krytysk folgje.

Graach wol ik in pear saken dy't op't heden spylje ûnder de oandacht bringe:

Parkearplakken: tusken tsjerke en it mfa Tillehûs hat de gemeente 45 nije parkearplakken oanlein. Wy ha der even op wachtsje moatten, mar wy binne der tige wiis mei!!

Statuten: op de jiergearkomste ha we ôfpraat de statuten in bytsje oan te passen, sadat we wat mear mooglikheden krije om it bestjoer op sterkte te hâlden.

Leefbaarheidsfonds: der wiene wer hiel folle oanfragen. Dit jild partsje we

safolle mooglik om, mar ek hjir sille we keuzes meitsje moatte. Yn jannewaris krije jo bericht .

De N369 de Koaten : it hat jierren en jierren duorre, mar it sil no dan toch wêze. De wei wurdt oanpast. Feiliger makke, is it doel. De plannen binne fierhinne klear. It wie in toer, want der is net folle frije romte; nochal wat hûzen steane deun op de wei. De provinsje hat oerlis hân mei de buert, de ferkeerskommisje en PBK. Wat dêr út kaam is, is in kompromis. Net elk sil 100% tevreden wêze. De Koaten komt der ek hiel oars út te sjen. De measte moaie beammen sille ferdwine. Skande, mar it kin blykber net oars.

Wat ál oars kin, lokkich, is **de ferljochting fan de Koaten**.

It belied fan de provinsje is om bûten de bebouwde kom alinne dêr te ferljochtsjen wêr' t de wei dat freget. By krúspunten en oerstekken. It soe foar de Koaten betsjutte dat der alinne by de rotondes en op de 5 oerstekplakken ferljochting komme soe.

Dat like ús as PBK wat te krap. By de eardere proef mei it timperjen fan de ferljochting, die al bliken dat dat op de Koaten in soad gefoelens fan ûnfeiligens oprôp. It is dêr op plakken ierde tsjuster! Wylst der gjin ferljochting oan it fytspaad is. Sawol de provinsje as de gemeente hienen begrip foar ús soargen. Wethâlder de Haan sei ús ta dat er alle meiwurking jaan woe, om meinamme de feiligens fan de fytsers te befoarderjen. Yn goed oerlis mei de buert en PBK sille gemeente en provinsje in nij ljochtplan meitsje. Ynstek is in feilige, ljochte, trochgeande fytsrûte. En sa mooglik ek in alternatieve ferljochting yn it nije fytspaad foar it bestemmingsferkear. In opstekker!

De biofergister:

Alternatieve enerzjy is "hot". En in Biofergister is dus ek alhiel fan dizze tiid. In hurdrinner sil it dan ek in moai plan fine om sa'n ynstallaasje yn Kootstertille te ûntwikkeljen. Wý net. As PBK meitsje we ús hjir grutte soargen oer. Enwol fanwege de **lokaasje**. Op de Westkern. Flak by it gasmengstation. By westewyn, en dat ha we meast, sitte we mei syn allen ûnder de stank. Dat is gjin kleinichheid. Sykje mar ris in fergister op...boesdoek mei!

Folle slimmer is noch dat de ynstallaasje betocht is yn in gebiet mei **de heechste feilichheidsrisico's**. Jo kinne dat self neisykje: www.risicokaart.nl
Op de Westkern binne de folgjende fjouwer risico gebieten yn kaart brocht:

* ongevallen op het water

* meerdere gevaarlijke stoffen

* risicovolle buisleidingen

*en in BRZO : in bedriuw dat falt ûnder " meest risicovolle bedriiven in Nederland"

En temidden fan dizze libbens gefaarlike omjouwing, op en ûnder de grûn, wol men in fergister bouwe, dy't û.o. in risico op ûntploffing meibringt. En de nedige gasleidingen hat.

Wy ha as PBK in wurkgroepke foarmearre, mar eins is it te gek foar wurden dat we hjir achteroan moatte. Wa betinkt soks!!

Der binne fierder hiel folle rinnende saken. It **jeugdwurk** docht it tige goed! Se dogge self ferslach.

B&W komme op bisite yn desimber. It " bedriuw" dat se dit kear besjogge, binne de hierders en in pear fêste gebrûkers fan it mfa Tillehûs. Ek wolle we graach pronkje mei ús Tilster skûtsje. Fierder ha we hiel wat te bepraten meielkoar. Dêr oer letter mear.

Dan moat we it ek noch mar ris ha, oer al dy dingen dêr't we no net oan ta kaam binne.

Der is werklik áltyd wat te dwaan, foar de Tille.

Wy kinne jo stipe goed brûke. Binne jo no einlik al ris lid???

Út namme fan PBK,

Lys Visser.